

51802224/KAB/rv

**AKTE FAN KARBRIEFWIZIGING**Oangeande: **Stichting Omrop Fryslân**

Hjoed, tolve febrewaris twatûzen tweintich ferskynde foar my, mr. Kanter Arjen Breuker, –
notaris te Ljouwert: _____

frou Jacqueline Marijke Hiddema, berne te Grins op fiif juny _____
njoggentjinhûnderttrijeënsechstich, wenjende te 9241 HB Wynjewâld, Weinterp 43, _____
hâldster fan in Nederlânsk paspoart mei nûmer NRF20K506, jildich oant seis en _____
tweintich maaie twatûzen fiif en tweintich; _____

hijre hanneljend as allinnich selsstannich ta fertsjintwurdiging befoege bestjoerder fan —
de statutêr yn de gemeente Ljouwert fêstige stifting: _____

Stichting Omrop Fryslân, kantoarhâldend te 8938 AP Ljouwert, Zuiderkruisweg 2, _____
ynskreaun yn it hannelsregister ûnder nûmer 01066931, en as sadanich dy stifting, soks—
ta útfiering fan de hjirnei te melden beslútfoarming, rjochtsjildich fertsjintwurdigjende; —
"Stichting Omrop Fryslân" hjirnei ek te neamen: **de stifting**. _____

De komparant, hanneljend as melden, ferklearre foarôf: _____

1. de stifting waard oprjochte op njoggenentweintich oktober _____
njoggentjinhûndertsânentachtich; _____
2. it karbrief fan de stifting is de lêste kear wizige mei in akte op ien septimber _____
twatûzen alve passearre foar my, notaris; _____
3. it bestjoer fan de stifting hat, mei achtslaan fan it bepaalde yn 'e wet en it karbrief —
en dêrom mei foarôfgeande goedkarring fan de rie fan kommissarissen, besletten it—
karbrief te wizigjen, soks sa't bliken docht út de as **TAHEAKKE 1** oan dizze akte te —
hechtsjen ûnderhânske akte; _____
4. de komparant is, sa't bliken docht út it ûnder 3 melden beslút, machtige de _____
karbriefwiziging mei notariële akte fêst lizze te litten. _____

De komparant, hanneljend as melden, ferklearre mei dy akte it karbrief fan de stifting te —
wizigjen en as folget op 'e nij fêst te stellen: _____

KARBRIEF _____

NAMME, SIT, OPRJOCHTINGSTIJD _____

A handwritten blue mark, possibly a signature or initials, located at the bottom right of the page.

51802224/KAB/rv

Kêst 1. _____

1. De stifting draacht de namme: **Stichting Omrop Fryslân**. _____
2. Hja hat har sit yn de gemeente Ljouwert. _____
3. De stifting is oprjochte op njoggenentweintich oktober _____
njoggentjinhûndertsânentachtich. _____

DOEL _____

Kêst 2. _____

1. De stifting stelt har primêr ta doel omropprogramma's foar radio, tillefyzje en _____
mooglike oare moderne kommunikaasjemiddels te fersoargjen dy't sa rjochte binne _____
op de befrediging fan it yn de provinsje Fryslân libjend maatskiplik, kultureel, _____
godstsjinstich en geastlik ferlet en bydrage oan de befoardering fan de sosjaal- _____
maatskiplike ûntjouwings yn de provinsje Fryslân, dat de ynstelling achte wurde kin _____
fan algemien nut te wêzen; by ien en oar stiet it jaan fan ynformaasje yn de romste _____
sin fan it wurd foarop. _____
2. a. De programma's fan de stifting ûnderskiede harren troch in sa grut mooglike _____
ûnôfhinklikens, lykwichtigens en ûnpartidigens. De programma's sille sa folle _____
mooglik yn de Fryske taal útstjoerd wurde. _____
b. By de útfiering fan de programma's wurdt útgongen fan in profesjonele en _____
sjournalistike wurkwize, neier fêst te lizzen yn in redaksjestatút. _____
3. De stifting hat net it meitsjen fan winst foar eagen foar safier't dy net foar it ferfoljen _____
fan de omroptaak bestimd is. _____
4. De stifting besiket har doel te ferwêzentlikjen troch: _____
 - a. it ûntwerpen, tarieden, oankeapjen en útstjoeren fan programma's en it _____
ferrjochtsjen fan dêrmei ferbân hâldende aktiviteiten; _____
 - b. it oprjochtsje litten en yn stân hâlden fan radio- en tillefyzjestudio's; _____
 - c. it fertsjintwurdigjen fan de belangen fan de stifting by foar it berikken fan har _____
doel wichtige organisaasjes, oerheden, groepearings en persoanen; en _____
 - d. it brûken fan alle oare wettige middels dy't ta ferwêzentliking fan it doel fan de _____
stifting nedich of nuttich binne, dêrûnder begrepen it dielnimmen yn en it _____
gearwurkjen mei organisaasjes en bedriuwen op it mêd fan media. _____

Kêst 3. _____

De stifting stribbet nei it útstjoeren fan sa folslein mooglike programma's. Nijs spilet dêr _____
in sintrale rol yn; dêrnjonken sille ûnderdielen fan kulturele, maatskiplike, edukative en _____

7

51802224/KAB/rv



ferdividearjende aard, de ynformaasjeoarsjenning en de tsjinstferliening in wichtich plak yn de programmearring ynnimme. _____

JILDMIDDELS _____

Kêst 4. _____

De jildmiddels fan de stifting besteane út: _____

- a. it kapitaal fan de stifting; _____
- b. subsydzjes en bydragen fan oerheidslicems; _____
- c. de opbringsten fan it ferkeapjen fan produksjes en it ferlienen fan tsjinsten oan treden, dêrûnder begrepen de ferkeap fan reklamestjoertiid; _____
- d. jeften, erfstellingen en legaten fan natuerlike persoanen en rjochtspeoanen, en; _____
- e. alle oare op wettige wize krigen baten. _____

STIFTINGSORGANEN _____

Kêst 5. _____

De stifting ken de neikommende organen: _____

- a. it bestjoer; _____
- b. de rie fan kommissarissen; _____
- c. de regionale mediarie, yn dit karbrief fierder ek oan te tsjutten as: "de Regionale Mediarie". _____

BESTJOER EN HAADREDAKTEUR _____

Kêst 6. _____

1. De stifting wurdt bestjoerd troch in bestjoer, besteande út ien of mear bestjoerders, ûnder tafersjoch fan de rie fan kommissarissen. _____
2. It bestjoer wurdt beneamd troch de rie fan kommissarissen. _____
 Beneaming fan bestjoerders hat plak op grûn fan it iepenbier winnen mei achtslaan fan in foarôf troch de rie fan kommissarissen, dêrby rekken hâldend mei de aard fan de oan de stifting ferbûne organisaasje, har aktiviteiten en de winske saakkundigens en eftergrûn fan de leden fan it bestjoer, fêst te stellen profyl, dat iepenbier makke wurdt troch pleatsing op de thússide fan de stifting. It profyl wurdt yn alle gefallen by it ûntstean fan in fakatuere troch de rie fan kommissarissen evaluearre en sa nedich op grûn fan dy evaluaasje feroare; ek in feroare profyl wurdt iepenbier makke troch pleatsing op de thússide fan de stifting. _____
 Ta bestjoerder kinne net beneamd wurde persoanen, dy't: _____
 - a. lid binne fan de Regionale Mediarie; _____

51802224/KAB/rv

- b. bestjoerder of wurknimmer binne fan in kommersjele mediaynstelling; _____
- c. in belang of njonkenfunksje hawwe, mei omfetsjend in saaklike relaasje mei de—
stifting, net wêzend syn tsjinstferbân, wêrtroch't nei it ridlike oardiel fan de rie —
fan kommissarissen in goede ferfolging fan it lidmaatskip fan it bestjoer of de —
ûnôfhinklikens fan de oanbelangjende bestjoerder yn diskusje stean kin; en—
- d. in saaklike of persoanlike relaasje hawwe mei in partij, dêr't de stifting in —
oerienkomst of saaklike relaasje fan soksoartige aard mei hat, dat dat nei it —
ridlike oardiel fan de rie fan kommissarissen in objektyf en ûnôfhinklik oardiel —
oer it funksjonearjen fan dy partij yn 't paad stiet. _____

De rie fan kommissarissen stelt tagelyk it tal bestjoerders fêst. As it bestjoer foarme—
wurdt troch meardere bestjoerders stelt it bestjoer in taakferdieling fêst, dêr't de —
foarôfgeande goedkarring fan de rie fan kommissarissen foar nedich is, sa bedoeld —
dat de foarsitter fan it bestjoer troch de rie fan kommissarissen yn funksje beneamd—
wurdt. In taakferdieling op hokker wize ek lit de mienskiplike ferantwurdlikens fan —
alle bestjoerders ûnferoare. _____

- 3. It bestjoer is belêste mei it bestjoeren fan de stifting en de útfiering fan it —
mediaoanbodbelied. _____
- 4. In bestjoerder kin altiten troch de rie fan kommissarissen ûntslin of tydlik út syn —
amt setten wurde. In bestjoerder defungearret njonken troch ûntslach tagelyk troch —
it net langer foldwaan oan in troch lid 2 oan it bestjoerslidmaatskip, respektivelik de —
beneaming ta bestjoerder stelde easken. _____
- 5. De rie fan kommissarissen is ferplichte binnen twa moannen neidat in bestjoerder —
tydlik út syn amt setten is te beslissen oangeande it oanbliuwen of it ûntslach fan —
de tydlik út syn amt setten direkteur, by fersom dêrfan einiget de tydlike útsetting út —
it amt. _____
- 6. Yn gefal fan ôfwêzigens of belet fan in bestjoerder sille de oare bestjoerders of sil —
de iennichst oerbleaune bestjoerder tydlik mei it bestjoer belêste wêze, wylst by —
ôfwêzigens of belet fan alle bestjoerders de rie fan kommissarissen of ien of mear —
troch de rie fan kommissarissen net út syn midden oan te wizen persoan(en) tydlik —
mei it bestjoer belêste wêze sil(le). _____

De rie fan kommissarissen is yn dat gefal ferplichte om sa gau mooglik mei —
achtslaan fan dit karbrief, yn it bysûnder it yn kêst 8 bepaalde, yn it bestjoer te —
foarsjen. _____

7

51802224/KAB/rv



7. De rie fan kommissarissen regelet de beleanning en de oare arbeidsbetingsten fan — alle bestjoerders, ien en oar mei achtslaan fan it karbrief en as dat nedich is neier — by skriftlike arbeidsoerienkomst fêst te lizzen. _____
8. As der mear as ien bestjoerder yn funksje is, wurde de bestjoersbesluten nommen — mei absolute mearheid fan stimmen. Alle bestjoerders hawwe ien stim. _____
By staking fan stimmen wurdt it nimmen fan in beslút oant in folgjende gearkomste — útsteld. _____
Dy gearkomste sil net earder as in wike nei de gearkomste, dêr't de stimmen op — staakten hâlden wurde. _____
As de stimmen dan fannijen stake, jildt it útstel as fersmiten, sa bedoeld dat it — bestjoer dan beslute kin de rie fan kommissarissen datoangeande om advys te — freegjen. _____
9. In bestjoerder nimt net diel oan it berie en de beslútfoarming, as er dêrby in direkt — of yndirekt persoanlik belang hat, dat tsjinstridich is mei it belang fan de stifting en — de dêroan ferbûne organisaasje. Wannear't dêrtroch gjin bestjoersbeslút nommen — wurde kin, om't itjinge yn 'e foargeande folsin bepaald is op alle bestjoerders fan — tapassing is, wurdt it beslút mei foarôfgeande goedkarring fan de rie fan — kommissarissen nommen troch it bestjoer, of it moat wêze dat op grûn fan de dan — figearjende wet de rie fan kommissarissen yn dy omstannichheden it foech hat om — te besluten, yn hokker gefal de rie fan kommissarissen datoangeande beslút. _____
10. Fan it ferhannele yn de bestjoersgearkomsten wurde notulen makke. _____
It bestjoer kin ek bûten in gearkomste om besluten nimme, mits dat mei algemiene — stimmen fan alle bestjoerders en mei skriftlik fêstlizzen dêrfan bart. _____
11. It bestjoer is ferplichte ta in regelmjittige rapportaasje oer de gong fan saken yn de — stifting en de oan de mei him ferbûne organisaasje oan de rie fan kommissarissen, — soks ûnfermindere itjinge op oare plakken yn dit karbrief bepaald is. _____
12. De haadredakteur hat de deistige lieding oer de redaksje en is ferantwurdlik foar de — ynhâldlike tarieding en gearstalling fan de programma's en leit dêroer ferantwurdling — ôf oan it bestjoer. De ferantwurdlikheden en foegen fan de haadredakteur binne — fêstlein yn it redaksjestatút. _____
13. It bestjoer regelet syn wurkwise en ferantwurdlikheden neier by in troch him, mei — achtslaan fan dit karbrief en mei foarôfgeande goedkarring fan de rie fan — kommissarissen, fêst te stellen reglemint. It bestjoer hat it foech, mits mei — _____

51802224/KAB/rv

foarôfgeande goedkarring fan de rie fan kommissarissen, foarneamd reglemint _____
folslein of foar in part te wizigjen. _____

FOECH FAN IT BESTJOER EN FERTSJINTWURDIGING _____

Kêst 7. _____

1. It bestjoer is belêste mei it bestjoeren fan de stifting. Alle bestjoerders binne foar de stifting oer ferplichte ta in behoarlike ferfolging fan harren taken en moatte harren dêrby rjochtsje nei it belang fan de stifting en de dêroan ferbûne organisaasje. _____
2. It bestjoer slacht by it ferfoljen fan syn taak acht op: _____
 - a. it strategyske mearjierreplan; en _____
 - b. de jierbegutting, ynhâldende de eksploitaasje- en ynvestearringsbegutting; hokker strategysk mearjierreplan en hokker jierbegutting troch it bestjoer mei foarôfgeande goedkarring fan de rie fan kommissarissen fêststeld wurde foarôfgeande oan it tiidrek dêr't hja op slane. _____
3. It bestjoer is, mits mei goedkarring fan de rie fan kommissarissen, befoege te besluten ta it oangean fan oerienkomsten ta winning, ferfrjemding en beswierjen fan registergoed en ta it oangean fan oerienkomsten, dêr't de stifting him as boarch of solidêr meiskuldner ferbynt, him foar in tredde sterk makket of ta wissichheidsstelling foar in skuld fan in oar ferbynt. _____
4. De foarôfgeande goedkarring fan de rie fan kommissarissen is fereaske foar bestjoersbesluten ta: _____
 - a. it hieren, ferhieren, pachtsjen of ferpachtsjen fan registergoed en tagelyk it beëinigen fan dy oerienkomsten, mits it (folsleine) finansjele belang fan sa'n oerienkomst op syn minst ien fiif/tsjende prosint (1,5%) fan de omset bedraacht; _____
 - b. it stellen fan persoanlike of saaklike wissigens; _____
 - c. it oprjochtsjen fan, oernimmen fan, dielnimmen yn, finansierjen fan, of it oanfurdigjen fan it bestjoer oer rjochtspersoanen, gearwurkingsferbannen of ûndernimmings en it beëinigen fan dy belangen; _____
 - d. it útoefenjen fan stimrjocht op oan de stifting tahearrende oandienen; _____
 - e. it iepenjen, ferpleatsen of opheffen fan kantoaren en fêstigings fan de stifting; _____
 - f. de oerdracht fan wurksumheden of aktiviteiten fan de stifting oan tredde, mits it (folsleine) finansjele belang fan sa'n oerdracht op syn minst ien fiif/tsjende prosint (1,5%) fan de omset bedraacht; _____

7



- g. it sluten fan oerienkomsten, dêr't de stifting oangeande de útoefening fan syn —
doel troch beheind wurdt; _____
- h. it oangean fan bankkredytoerienkomsten en fan obligaasjelienings foar rekken —
fan de stifting, it ta lien opnimmen fan jilden op oare wize en it ta lien _____
opnimmen fan jilden, ien en oar mei útsûndering fan transaksjes hearrende ta —
it rekken-koerantferkear mei de bankier(s) fan de stifting en mei útsûndering _____
fan it brûken fan in troch dy lêste(n) ferliend bankkredyt; _____
- i. it oangean fan fêststellingsoerienkomsten, kompromissen en akkoarten, it _____
fieren fan prosessen en it berêsten yn rjochtsfoarderings, mits it (folsleine) _____
finansjele belang op syn minst ien fiif/tsiende prosint (1,5%) fan de omset _____
bedraacht, útsein it nimmen fan konservatoire en/of oare driuwende _____
maatregels; _____
- j. it ferlienen en opheffen fan bysûndere of algemiene prokuraasje en it _____
fêststellen fan de ynstruksje oan de prokuraasje ferbûn; ûnder prokuraasje _____
wurdt net ferstien in folmacht ta it foar ien kear ferrjochtsjen fan ien of mear _____
spesifike (rjochts)hannelingen; _____
- k. it takennen of wizigjen fan pensjoenrjochten foar rekken fan de stifting; _____
- l. oer it ginneraal alle oare (rjochts)hannelingen, dy't in troch de rie fan _____
kommissarissen by in dúdlik omskreaun beslút fêststeld bedrach of belang te —
boppen geane. _____
5. Under omset as bedoeld yn lid 4 fan dit kêst wurdt ferstien de omset fan de stifting, —
lykas dy bliken docht út de lêst fêststelde en goedkarde jierstikken fan de stifting. —
As ien fiif/tsiende prosint (1,5%) fan de omset in bedrach fan _____
hûndertfiifentweintichtûzen euro (€ 125.000,00) net te boppen giet, moat foar de —
tapassing fan lid 3 foar ien fiif/tsiende prosint (1,5%) fan de omset lêzen wurde _____
hûndertfiifentweintichtûzen euro (€ 125.000,00). _____
6. It bestjoer is yn 'e meast romme sin fan it wurd belêste mei en ferantwurdlik foar it —
personielsbelied. _____
It bestjoer hâldt yn dat ferbân rekken mei de mooglike dêroer by reglemint of beslút —
fêststelde prosedueres en oare foarskriften. _____
7. De haadredakteur leit it mediaoanbodbelied (radio, tillefyzje en nije media) en it _____
programmaskema ta fêststelling oan it bestjoer foar, mei ynbegryp fan in _____
evaluaasje oer it foargeande tiidrek. It bestjoer docht útstellen oangeande it troch —

51802224/KAB/rv

de stifting te fieren mediaoanbodbelied en stjoert dy útstellen ta goedkarring oan de-
rie fan kommissarissen. De troch de rie fan kommissarissen goedkarde útstellen —
wurde fierders troch it bestjoer foarlein oan de Regionale Mediarie, dy't mei —
achtslaan fan it bepaalde yn kêst 14 it mediaoanbodbelied bepaalt. —

8. It bestjoer fertsjintwurdiget de stifting. It fertsjintwurdigingsfoech komt mei ta oan —
alle bestjoerders ôfsûnderlik. —
9. It bestjoer kin folmacht ferliene oan treden, om de stifting binnen de grinzen fan dy-
folmacht te fertsjintwurdigjen. —
10. Yn it gefal dat de stifting in tsjinstridich belang mei ien of mear bestjoerders hat, —
wurdt de stifting likegoed ek op de yn de foargeande leden bepaalde wize —
fertsjintwurdige, soks ûnfermindere it fierders yn dit karbrief, yn it bysûnder yn kêst —
6 lid 9 en kêst 12 lid 6, bepaalde. —

RIE FAN KOMMISSARISSEN

Kêst 8. —

1. De rie fan kommissarissen bestiet út fiif leden. —
2. De leden fan de rie fan kommissarissen wurde beneamd troch de rie fan —
kommissarissen, sa bedoeld dat ien lid beneamd wurdt op binende foardracht fan —
de ûndernimmingsrie fan de stifting. As de ûndernimmingsrie net binnen seis —
moannen nei dêrta skriftlik troch de rie fan kommissarissen útnûge te wêzen sa'n —
foardracht stelt, is de rie fan kommissarissen oangeande de oanbelangjende sit frij —
yn syn kar en jildt de sa beneamde kommissaris as beneamd te wêzen op de —
foarname binende foardracht fan de ûndernimmingsrie. —
Beneaming fan leden fan de rie fan kommissarissen fynt plak op grûn fan iepenbier —
winnen mei achtslaan fan in troch de rie fan kommissarissen, rekken hâldend mei —
de aard fan de oan de stifting ferbûne organisaasje, har aktiviteiten en de winske —
saakkundigens en eftergrûn fan de leden fan de rie fan kommissarissen en nei —
oerlis mei it bestjoer en de ûndernimmingsrie, fêst te stellen profyl foar de omfang —
en gearstalling fan de rie fan kommissarissen, dat iepenbier makke wurdt troch —
pleatsing op de thússide fan de stifting. It profyl wurdt yn alle gefallen by it ûntstean —
fan in fakatuere troch de rie fan kommissarissen evaluatearre en sa nedich op grûn —
fan dy evaluaasje feroare; ek in feroare profyl wurdt iepenbier makke troch —
pleatsing op de thússide fan de stifting. —
De rie fan kommissarissen moat sa gearstald wêze dat: —

9

51802224/KAB/rv



- i. de leden yn relaasje ta inoar, de bestjoerders en hokker dielbelang dan ek, —
ûnôfhinklik en kritysk operearje kinne; en _____
 - ii. der in sa lykwichtich mooglike gearstalling foar wat slachte, leeftyd, —
saakkundigens, sosjale, kulturele, bedriuwsmjittige en mediaeftergrûn —
oanbelanget fan syn leden is; _____
- wylst net ta lid fan de rie fan kommissarissen beneamd wurde kinne persoanen, —
dy't: _____
- a. bestjoerder of wurknimmer binne fan de stifting; _____
 - b. lid binne fan de Regionale Mediarie; _____
 - c. bestjoerder of wurknimmer binne fan in kommersjele mediaynstelling; _____
 - d. lid binne fan it Kolleezje fan Deputearre Steaten of fan Provinsjale Steaten fan —
de provinsje Fryslân; _____
 - e. in belang of njonkenfunksje hawwe, mei omfetsjend in saaklike relaasje mei de —
stifting, wêrtroch't nei it ridlike oardiel fan de rie fan kommissarissen in goede —
ferfolging fan it lidmaatskip fan de rie fan kommissarissen of de ûnôfhinklikens —
fan it oanbelangjende lid fan de rie fan kommissarissen yn diskusje stean kin; —
 - f. in saaklike of persoanlike relaasje hawwe mei in partij, dêr't de stifting in —
oerienkomst of saaklike relaasje fan soksoartige aard mei hat, dat dat nei it —
ridlike oardiel fan de rie fan kommissarissen in objektyf en ûnôfhinklik oardiel —
oer it funksjonearjen fan dy partij yn 't paad stiet; en _____
 - g. persoanen dy't oant en mei de tredde graad besibbe of oantroud binne fan in —
lid fan de rie fan kommissarissen of fan ien of mear fan de hjirfoar ûnder a. —
oant en mei f. bedoelde persoanen. _____

As in troch de ûndernimmingsrie foardroegen kandidaat, soks ta beoardieling fan —
de rie fan kommissarissen, net past yn it troch de rie fan kommissarissen by de —
foarnameamde útnûging oan de ûndernimmingsrie kenber makke, oangeande de —
oanbelangjende sit jildende profyl, jildt dy foardracht as net útbrocht te wêzen en is —
it yn de twadde folsin fan dit lid bepaalde fan tapassing. _____

3. De rie fan kommissarissen kiest út syn midden in foarsitter, vice-foarsitter en in —
skriuwer. _____
4. Allinnich natuerlike persoanen kinne lid fan de rie fan kommissarissen wêze. _____
5. In lid hat fan de rie fan kommissarissen wurdt beneamd foar in sittingstiidrek fan op —
syn heechst fiif jier. _____

7

51802224/KAB/rv

In fanwegen ôfrin fan syn sittingstiidrek ôfgeand lid is op 'e nij beneamber, sa bedoeld dat de maksimale sittingsdjoer fan in lid fan de rie fan kommissarissen tsien jier bedraacht.

Ofgean bart neffens in troch de rie fan kommissarissen fêst te stellen roaster fan ôfgean.

6. In fakatuere yn de rie fan kommissarissen moat binnen trije moannen nei it ûntstean dêrfan ferfolle wurde.

Foar de djoer fan it bestean fan op syn heechst twa fakatueres, alteast as der oangeande twa leden fan, respektivelik sitten yn de rie fan kommissarissen sprake is fan belet of ôfwêzigens, jildt de rie fan kommissarissen as folslein gearstald, ek neidat de yn de foargeande sin bedoelde termyn fan trije moannen ferrûn is. De rie fan kommissarissen hâldt lykwols - likefolle oft it tal leden fan, respektivelik sitten yn de rie fan kommissarissen, dêr't sprake fan belet of ôfwêzigens by is - altyd it foech om al itjinge te dwaan wat needsaaklik is om yn fakatueres te foarsjen.

7. By belet of ôfwêzigens fan alle leden fan de rie fan kommissarissen wurdt op fersyk fan it bestjoer of de oare meast pleitreeë belanghawwer troch de rjochtbank in lid fan de rie fan kommissarissen beneamd, soks ûnder ferwizing nei it yn kêst 2:299 fan it Boargerlik Wetboek bepaalde, hokker lêstbedoeld lid fan de rie fan kommissarissen dan ferplichte en befoege is troch beneaming mei achtslaan fan it bepaalde yn dit karbrief ta in foltallige rie fan kommissarissen te kommen. Giet de rjochtbank net ta dy beneaming oer, dan kin it meast pleitreeë, dêrta troch it bestjoer fersochte, ôfgongen lid fan de rie fan kommissarissen in lid fan de rie fan kommissarissen beneame, wa't de yn de foargeande folsin bedoelde plicht en it yn de foargeande folsin bedoelde foech hat, derta tsjinjend dat kommen wurdt ta in foltallige rie fan kommissarissen.

8. De leden fan de rie fan kommissarissen genietsje foar harren wurksumheden in besoldiging. De hichte fan dy besoldiging wurdt fêststeld troch de rie fan kommissarissen, soks sa bedoeld dat dy yn oerienstimming wêze moat mei de besoldiging dy't oer it ginneraal yn oan de stifting kwa aktiviteiten ferlykbere organisaasjes oan leden fan in tafersjochhâldend orgaan takend wurde. De troch harren yn funksje makke kosten wurde troch de stifting oan harren fergoede.

DEFUNGEGARJEN FAN LEDEN FAN DE RIE FAN KOMMISSARISSSEN

9

51802224/KAB/rv



Kêst 9. _____

In lid fan de rie fan kommissarissen defungearret as lid fan de rie fan kommissarissen: —

- a. troch frijwillich of perodyk ôf te gean; _____
- b. by oanfurdigjen fan de funksje fan bestjoerder, of it oangean fan in tsjinstferbân of oerienkomst fan tsjinstferliening mei de stifting of by oansluting by it Kolleezje fan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân; _____
- c. as en sadree't er oars net langer foldocht oan de yn kêst 8 lid 2 oangeande it lidmaatskip fan de rie fan kommissarissen, respektivelik oan de beneaming ta lid fan de rie fan kommissarissen stelde easken, soks ta beoardieling fan de rie fan kommissarissen; _____
- d. troch ûntslach, him ferliend troch de rie fan kommissarissen, de stim fan de oanbelangjende net meirekkene, as de oanbelangjende yn striid mei it karbrief, de regleminten of besluten fan de stifting hannele hat, syn taak fertuteazet of duorsum net op krekte wize ferfollet, de stifting op ûnridlike wize beneidiele hat, in ernstich strafber feit plege hat, as der tusken de oanbelangjende en de stifting in wêzentlike belangetsjinstelling bestiet, of fanwegen yngripjende omstannichheden op grûn wêrfan't it fuortsetten fan syn lidmaatskip fan de rie fan kommissarissen net dulde wurde kin, of fanwegen oare wichtige redens; _____
- e. troch ûntslach troch de rjochtbank yn de gefallen en/of omstannichheid as de wet dan bepaalt. _____

TAKEN EN FOEGEN FAN DE RIE FAN KOMMISSARISSEN _____

Kêst 10. _____

1. De rie fan kommissarissen hâldt tafersjoch op it belied fan it bestjoer en op de algemiene gong fan saken yn de stifting en de mei him ferbûne omroporganisaasje. Fierders tsjinnjet de rie fan kommissarissen it bestjoer, al of net frege, fan ried. _____
2. Alle leden fan de rie fan kommissarissen binne foar de stifting oer ferplichte ta in behoarlike ferfolling fan harren taken en moatte harren dêrby rjochtsje nei it belang fan de stifting en de dêroan ferbûne organisaasje. In taakferdieling op hokker wize ek lit de mienskiplike ferantwurdlikens fan alle leden fan de rie fan kommissarissen ûnferoare. _____
3. De rie fan kommissarissen beslút, konform it bepaalde yn kêst 16 lid 2 en 3, oangeande goedkarring fan de eksploitaasjebegutting, de ynterjierbegutting en de jierrekken. _____

51802224/KAB/rv

4. De rie fan kommissarissen moat fierders de útstellen fan it bestjoer oangeande it — troch de stifting te fieren mediaoanbodbelied goedkarre alear't dy foarlein wurde — oan de Regionale Mediarie, dy't it mediaoanbodbelied bepaalt. _____
5. De leden fan de rie fan kommissarissen hawwe it foech om alle stikken en boeken — fan de stifting te kontrolearjen of op kosten fan de stifting kontrolearje te litten, — harren alle wearden fan de stifting toane te litten en hawwe tagong ta alle — gebouwen en terreinen fan de stifting. _____
6. De rie fan kommissarissen hat it foech om op kosten fan de stifting in ûnôfhinklike — akkountant te beneamen, dy't de rie fan kommissarissen ynformearret en — advisearret oer it finansjele belied fan de stifting. _____
7. De rie fan kommissarissen regelet syn wurkwiize en ferantwurdlikheden neier by in — troch him fêst te stellen reglemint. De rie fan kommissarissen hat it foech om — foarneamd reglemint folslein of foar in part te wizigjen. _____

GEARKOMSTEN EN BESLÚTFOARMING FAN DE RIE FAN KOMMISSARISSSEN _____

Kêst 11. _____

1. De gearkomsten wurde laat troch de foarsitter. By syn ôfwêzigens troch de vice- — foarsitter. As sawol de foarsitter as de vice-foarsitter ôfwêzich binne, wiist de — gearkomste sels syn foarsitter oan. _____
2. De rie fan kommissarissen komt sa faak gear as itsij de foarsitter fan de rie fan — kommissarissen, itsij twa leden fan de rie fan kommissarissen, itsij it bestjoer dat — winsklik achtet/achtsje, mar op syn minst twaris yn 't jier. _____
3. De opropping ta in gearkomste bart troch of út namme fan de skriuwer mei — achtslaan fan in termyn fan op syn minst tsien dagen, de dei fan de opropping en — dy fan de gearkomste dêr net ûnder begrepen. _____
Yn driuwende gefallen kin mei in koartere oproppingstermyn folstien wurde, dat ta — beoardieling fan de foarsitter fan de rie fan kommissarissen. _____
De opropping bart by brief, rjochte oan elts fan de leden. Yn dy brief wurde de te — behanneljen ûnderwerpen neamd. _____
4. As twa leden fan de rie fan kommissarissen of it bestjoer om it hâlden fan in — gearkomste fan de rie fan kommissarissen fersocht hawwe en de skriuwer de — gearkomste net gearropt, op sa'n wiize dat dy binnen tritich dagen nei dat fersyk — hâlden wurdt, hat elts fan de fersikers sels it foech ta gearroppen, mei achtslaan — fan it dêroer yn dit karbrief bepaalde. _____

51802224/KAB/rv



Kêst 12. _____

1. De gearkomsten fan de rie fan kommissarissen wurde hâlden op in troch de _____ foarsitter fan de rie fan kommissarissen te bepalen plak en tiid. _____
2. Alle leden hawwe rjocht op it útbringen fan ien stim. _____
3. De rie fan kommissarissen kin allinnich jildige besluten nimme, as trije of mear _____ leden op de gearkomste oanwêzich binne. _____
4. De rie fan kommissarissen beslút mei absolute mearheid fan de útbrochte stimmen, foarsafier't dit karbrief net oars bepaalt. _____
 Blanko stimmen en ûnjildige stimmen wurde as net útbrocht oanmurken. _____
 By staking fan stimmen beslút de foarsitter fan de rie fan kommissarissen. _____
 De foarsitter fan de rie fan kommissarissen bepaalt de wize fan stimmen sa _____ bedoeld, dat oer persoanen altyd skriftlik stimd wurde moat. _____
5. Yn in gearkomste, dêr't alle leden dy't yn funksje binne by oanwêzich binne, kinne, — mits mei algemiene stimmen, jildige besluten nommen wurde, ek as de foarskriften — oangeande it gearroppen of hâlden fan de gearkomste net achtslein binne. _____
6. In lid fan de rie fan kommissarissen nimt net diel oan it berie en de beslútfoarming, — as er dêrby in direkt of yndirekt persoanlik belang hat, dat tsjinstridich is mei it _____ belang fan de stifting en de dêroan ferbûne organisaasje. Wannear't de rie fan _____ kommissarissen dêrtroch gjin beslút nimme kin, omdat it yn de foargeande folsin — bepaalde fan tapassing is op alle leden fan de rie fan kommissarissen, is de rie fan — kommissarissen likegoed befoege datoangeande te besluten, sa bedoeld dat it _____ beslút dan algemiene stimmen fereasket en de oerwagings skriftlik fêstlein wurde. —
7. Op inisjatyf fan de foarsitter fan de rie fan kommissarissen kin de rie fan _____ kommissarissen ek bûten de gearkomste besluten nimme, mits de sjenswize fan — alle leden skriftlik, mei omfetsjend fia elektroanysk berjochteferkear of fia telefaks, — ynwûn wurdt en gjin fan de leden him tsjin dy wize fan beslútfoarming ferset. _____
 Fan sa'n beslút makket de foarsitter fan de rie fan kommissarissen yn it _____ notuleregister fan de rie fan kommissarissen melding; dy fermelding wurdt yn de _____ earstfolgjende gearkomste troch de foarsitter foarlêzen. _____
 Boppedat wurde de dokuminten, dêr't it nimmen fan dat beslút út bliken docht by it — notuleregister bewarre en wurdt, sadree't it beslút nommen is, dêrfan oan alle leden — skriftlik meidieling dien. _____

Kêst 13. _____

51802224/KAB/rv

1. De gearkomsten fan de rie fan kommissarissen wurde bywenne troch it bestjoer, of it moat wêze dat de rie fan kommissarissen foar in bepaalde gearkomste of in part dêrfan oangeande ien of mear bestjoerders oars beslút. _____
2. Fan it ferhannelje yn de gearkomste wurde notulen makke. _____
De notulen fan de gearkomste wurde fêststeld yn in folgjende gearkomste en as bewiis dêrfan troch de foarsitter en skriuwer ûndertekene, of it moat wêze dat de rie fan kommissarissen yn earstbedoelde gearkomste beslút dat de notulen fan dy gearkomste troch de foarsitter en skriuwer selsstannich fêststeld wurde kinne. _____
Yn de notulen wurdt neamd hokke leden op de gearkomste oanwêzich west hawwe. _____

DE REGIONALE MEDIARIE _____

Kêst 14. _____

1. De stifting ken de regionale mediarie, de foarneamde Regionale Mediarie, dy't ûnfermindere itjinge op oare plakken yn dit karbrief bepaald is, ta taak hat: _____
 - a. it - oerienkomstich kêst 2.61 fan de Mediawet - bepalen fan it mediaoanbodbelied dat troch de rie fan kommissarissen as gefolch fan it bepaalde yn kêst 10 lid 4 fan dit karbrief goedkard is; _____
 - b. it hifkjen oft it troch him bepaalde mediaoanbodbelied útfierd wurdt; _____
 - c. it bepraten fan de jierrekken, de eksploitaasjebegutting en de ynvestearingsbegutting; _____
 - d. it frege en net frege advisearjen fan it bestjoer. _____
2. De Regionale Mediarie bestiet út op syn minst njoggen en op syn meast trettjin persoanen. _____
De Regionale Mediarie bestiet út fertsjintwurdigers fan de wichtichste yn de provinsje Fryslân foarkommende maatskiplike, kulturele, godstsjinstige en geastlike streamings. _____
Dêrta hearre benammen op syn minst streamings op it mêd fan: _____
 - a. natoer en miljeu; _____
 - b. Fryske taal en kultuer; _____
 - c. tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op geastlike grûnslach; _____
 - d. ûnderwiis, edukaasje en wolwêzen; _____
 - e. wurkjouwers; _____
 - f. wurknimmers; _____

9

51802224/KAB/rv



- g. de agraryske sektor; _____
 h. sport en rekreaasje. _____

Ta de yn de foargeande folsin bedoelde streamings wurdt ek rekkene de feriening: —
Ferieniging Freonen fan Omrop Fryslân, ynskreaun yn it hannelsregister ûnder —
 nûmer: 40003619. _____

Ta oardering fan de hjirfoar bedoelde gearstallingsregeling kin mei achtslaan fan it—
 hjirnei bepaalde in yn de Regional Mediarie fertsjintwurdigjende organisaasje _____
 talitten wurde. Fan de yn de Regional Mediarie fertsjintwurdigjende organisaasje, —
 dy't as sadanich talitten is, wurdt ien fertsjintwurdiger yn de Regional Mediarie _____
 beneamd. _____

Op syn meast twa fan de leden fan de Regional Mediarie kinne beneamd wurde op —
 persoanlike titel op grûn fan harren bysûndere saakkundigens. _____

3. De leden fan de Regional Mediarie wurde mei achtslaan fan it bepaalde yn lid 2 —
 beneamd troch it Kolleezje fan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân op —
 binende foardracht fan it bestjoer. _____
4. De Regional Mediarie wiist út syn midden in foarsitter oan. _____
5. It bestjoer hat it foech in organisaasje oangeande ien of mear fan de yn lid 2 —
 bedoelde streamings as yn de Regional Mediarie fertsjintwurdigjende organisaasje —
 ta de stifting ta te litten, soks mei achtslaan fan it bepaalde yn de leden 2 en 3. —
 It bestjoer kin beslute in organisaasje de eigenskip fan fertsjintwurdigjende _____
 organisaasje te ûntnimmen, as de oanbelangjende fertsjintwurdigjende _____
 organisaasje yn striid mei it karbrief, de regleminten of besluten fan de stifting —
 hannele hat of de stifting op ûnridlike wize beneidiele hat of as dy net langer diel —
 útmakket fan of achte wurde mei te fertsjintwurdigjen in streaming as bedoeld yn lid—
 2. _____
 In organisaasje kin ek sels syn talitting as yn de Regional Mediarie _____
 fertsjintwurdigjende organisaasje opsizze. _____
6. Oangeande besluten as bedoeld yn lid 5 wurdt tefoaren oerlein mei it Kolleezje fan —
 Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân. _____
7. Mocht(en) yn de Regional Mediarie om hokfoar reden dan ek ien of mear leden —
 ûntbrekke, dan foarmje de oerbliuwende leden likegoed in folslein befoege _____
 Regionale Mediarie. _____

51802224/KAB/rv

8. De leden fan de Regional Mediarie wurde beneamd foar in tiidrek fan fjouwer jier — en kinne mar ienris werbeneamd wurde. _____
Yn in fakatuere wurdt binnen seis moannen foarsjoen. _____
9. Ta lid fan de Regional Mediarie kinne net beneamd wurde persoanen, dy't: _____
- a. lid binne fan de rie fan kommissarissen fan de stifting; _____
 - b. bestjoerder of wurknimmer binne fan de stifting; _____
 - c. bestjoerder of wurknimmer binne fan in kommersjele mediainstelling; _____
 - d. in belang of njonkenfunksje hawwe, mei omfetsjend in saaklike relaasje mei de stifting, wêrtroch't nei it ridlike oardiel fan de rie fan kommissarissen in goede — ferfolging fan it lidmaatskip fan de Regional Mediarie of de ûnôfhinklikens fan it — oanbelangjende lid yn diskusje stean kin; _____
 - e. in saaklike of persoanlike relaasje hawwe mei in partij, dêr't de stifting in — oerienkomst of saaklike relaasje fan soksoartige aard mei hat, dat dat nei it — ridlike oardiel fan de rie fan kommissarissen in objektyf en ûnôfhinklik oardiel — oer it funksjonearjen fan dy partij yn 't paad stiet. _____
10. Alle jierren sille op troch it bestjoer fêst te stellen tiden op syn minst twa _____ gearkomsten fan de Regional Mediarie hâlden wurde. _____
Oare gearkomsten wurde gearroppen sa faak as it bestjoer dat winsklik achtet. _____
Fierders is it bestjoer op skriftlik fersyk fan op syn minst fiif leden fan de Regional Mediarie ferplichte ta it gearroppen fan in gearkomste op in termyn fan net langer — as trije wiken nei yntsjinnen fan it fersyk. _____
De fersikers fermelde yn harren fersyk de te behanneljen ûnderwerpen. _____
As oan it fersyk binnen twa wiken gjin gefolch jûn wurdt, kinne de fersikers sels ta — gearroppen oergean. _____
11. De gearkomsten wurde gearroppen troch of út namme fan it bestjoer, útsein it _____ bepaalde yn de lêste sin fan lid 10. _____
12. De opropping ta in gearkomste bart troch de wei fan oproppingsbrieven, rjochte _____ oan de adressen fan de leden fan de Regional Mediarie. _____
13. De termyn foar de opropping bedraacht op syn minst twa wiken, de dei fan _____ opropping en dy fan gearkomste net meirekkene. _____
14. De opropping fermeldt, njonken plak en tiid fan de gearkomste, de te behanneljen — ûnderwerpen. _____

51802224/KAB/rv



15. De gearkomsten wurde laat troch de foarsitter fan de Regional Mediarie of, by dy—
syn ôfwêzigens, in oare troch de Regional Mediarie al of net út syn midden oan te —
wizen persoan. _____
16. De gearkomsten wurde bywenne troch it bestjoer en in fertsjintwurdiging fan de —
haadredaksje. _____
17. De leden fan de Regional Mediarie krije in troch it bestjoer fêst te stellen fergoeding—
foar harren wurksumheden. _____

REDAKSJESTATÚT _____

Kêst 15. _____

It bestjoer stelt in redaksjestatút fêst, dat de haadredakteur en oare leden fan de —
redaksje garânsjes biedt foar it ûnôfhinklik útoefenjen fan de harren opdroegen —
programmatyske taken. De fêststelling fan it redaksjestatút bart yn oerlis mei de —
redaksjerie. De rie fan kommissarissen moat it troch it bestjoer fêst te stellen statút —
foarôf goedkarre. _____

BOEKJIER/JIERSTIKKEN _____

Kêst 16. _____

1. It boekjier is gelyk oan it kalinderjier. _____
2. Alle jierren stelt it bestjoer foar ien maaie in balâns en eksploitaasjerekken op, ien —
en oar mei taljochting, hjirnei tegearre te neamen: de jierrekken oer it foargeande —
boekjier en leit dy ta goedkarring foar oan de rie fan kommissarissen. _____
3. By de jierrekken is in troch it bestjoer opsteld ferslach oangeande de saken fan de —
stifting, it fierde bestjoer ûnder it ôfrûne boekjier, en tagelyk in ferklearring fan de yn—
it neikommende lid bedoelde registerakkountant oanwêzich. _____
4. De rie fan kommissarissen ferlient oan in registerakkountant de opdracht de —
jierrekken te ûndersykjen en op de jierrekken foar it bestjoer en de rie fan —
kommissarissen in ferklearring ôf te jaan. _____
5. De jierrekken wurdt fêststeld troch it bestjoer. Foar fêststelling is de yn lid 2 —
bedoelde goedkarring fan de rie fan kommissarissen nedich. _____
6. Yn ferbân mei it fêststellen en goedkarren fan de jierrekken wurdt troch de rie fan —
kommissarissen ek besletten oangeande ûntheffing fan de leden fan it bestjoer en —
fan de rie fan kommissarissen oangeande it troch harren yn it oanbelangjende —
boekjier fierde bestjoer, respektivelik útoefene tafersjoch. De ûntheffing jildt, útsein —
foarsafier't de rie fan kommissarissen útdruklik oars beslút, foar datjinge dat yn de —

9

51802224/KAB/rv

jierrekken opnommen is, of de rie fan kommissarissen oars bekend is of _____
ridlikerwize bekend wêze kinnen hie. _____

7. It bestjoer is ferplichte de hjirfoar yn dit kêst bedoelde dokuminten sân jier lang te _____
bewarjen, útsein foarsafier't de wet ta in langere bewartermyn ferplichtet. _____

REGLEMINTEN _____

Kêst 17. _____

1. It bestjoer is befoege ien of mear regleminten fêst te stellen, dêr't dy ûnderwerpen _____
yn regele wurde, dy't net of net útputtend yn dit karbrief ferfette binne. _____
2. In reglemint mei net mei de wet of dit karbrief yn striid wêze. _____
As en foarsafier't in reglemint in bepaling befettet, dy't yn striid is mei in âlder net _____
ynlutsen reglemint, jildt de bepaling út it nijste reglemint. _____
3. It bestjoer hat altyd it foech in reglemint te wizigjen of yn te lûken. _____
4. Foar de fêststelling, wiziging en ynlûking fan in reglemint is de goedkarring fan de _____
rie fan kommissarissen nedich. _____

KARBRIEFWIZIGING/ÛNTBINING _____

Kêst 18. _____

1. It bestjoer hat it foech ta wiziging fan dit karbrief en ta ûntbining fan de stifting te _____
besluten. _____
2. Foar in beslút ta karbriefwiziging, lykas it beslút ta ûntbining, is de foarôfgeande _____
goedkarring fan de rie fan kommissarissen nedich. It beslút ta it ferlienen fan dy _____
goedkarring kin troch de rie fan kommissarissen allinnich nommen wurde mei in _____
mearheid fan de stimmen, dy't mei-inoar troch alle leden fan de rie fan _____
kommissarissen dy't yn funksje binne útbrocht wurde kinne. _____
3. Foar it ta stân kommen fan in karbriefwiziging is in notariële akte fereaske. _____
4. Wiziging fan kêst 15 kin troch de rie fan kommissarissen allinnich goedkard wurde _____
mei algemiene stimmen yn in gearkomste fan de rie fan kommissarissen dêr't alle _____
kommissarissen dy't yn funksje binne yn oanwêzich of fertsjintwurdige binne. _____

FEREFFENING _____

Kêst 19. _____

1. As it bestjoer ta ûntbining fan de stifting besletten hat, bart de fereffening troch it _____
bestjoer. _____
2. Foar de djoer fan de fereffening bliuwe de bepalingen fan dit karbrief safolle _____
mooglik fan krêft. In mooglik batich likwidaasjesaldo, oftewol datjinge wat fan it _____

51802224/KAB/rv



fermogen fan de stifting oerbliuwt neidat tagelyk út krêft fan de dan jildende wet- en-
 regeljouwing en tapaslike subsydzjebetingsten restitúsje plakfûn hat oan _____
 subsydzjeferlieners lykas de Steat fan 'e Nederlannen en wol mear yn it bysûnder —
 oan it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskippen, respektivelik it dêrfoar —
 yn it plak kommende Ministearje dat belêste is mei it tafersjoch op de publike _____
 media, wurdt bestege foar in algemien nut beëagjende ynstelling lykas bedoeld yn—
 kêst 5b fan de Algemiene wet oangeande ryksbelestingen mei in soartgelikense —
 doelstelling oan dy fan de stifting. _____

3. Nei ôfrin fan de fereffening bliuwe de boeken, dokuminten en oare _____
 gegevensdragers fan de stifting foar in tiidrek fan sân jier by dejinge dy't dêrta troch-
 de fereffener(s) oanwiisd is. _____

Kêst 20. _____

Dêr't yn dit karbrief bepaald wurdt dat in orgaan fan de stifting beslút yn oerlis mei in oar-
 orgaan of mei oare organen, is dêrmei bedoeld dat earstbedoeld orgaan dernei stribje —
 moat dat it troch dat orgaan te nimmen beslút nommen wurdt yn oerienstimming mei dat
 oare orgaan of dy oare organen, lykwols sûnder dat it ûntbrekken fan dy _____
 oerienstimming oan in rjochtsjildich nimmen fan dat beslút yn 'e wei stiet. _____

SLOTBEPALING _____

Kêst 21. _____

Yn alle gefallen, dêr't sawol de wet, dit karbrief of in reglemint net yn foarsjogge, beslút—
 it bestjoer yn oerlis mei de rie fan kommissarissen. _____

OERGONGBEPALING _____

Kêst 22. _____

It bepaalde yn kêst 8 lid 5 fan it by dizze akte wizige karbrief lit in foar it yngean dêrfan —
 plakfûn hawwende beneaming of werbeneaming fan in lid fan de rie fan _____
 kommissarissen ûnferoare, soks foar it sittingstiidrek as by dy beneaming of _____
 werbeneaming op grûn fan it doe jildende karbrief bepaald. _____

SLOT _____

Slotferklearring fan de komparant _____

De komparant hat by einbeslút noch ferklearre: _____

1. dat hja en de partij by de akte op 'e tiid foar it passearjen fan de akte de _____
 gelegenheid krigen hawwe om kennis te nimmen fan de ynhâld fan de akte; _____
2. dat hja kennis nommen hat fan de ynhâld fan de akte; en _____

7

51802224/KAB/rv

3. dat hja ynstimt mei beheinde foarlêzing fan de akte. _____

Slotferklearring fan de notaris _____

De komparant is my, notaris, bekend. _____

WÊRFAN AKTE _____

De akte is passearre te Ljouwert op de datum yn it haad fan de akte neamd. _____

Alear't ta it passearjen fan de akte oergongen te wêzen ha ik, notaris, de saaklike _____

ynhâld fan de akte meidiel oan de komparant en ha ik, notaris, de komparant in _____

taljochting dêrop jûn. Fierders ha ik, notaris, de komparant wiisd op de gefolgen dy't _____

foar partijen of ien of mear fan harren fuortkomme út de ynhâld fan de akte. _____

De parten fan de akte dy't út krêft fan de wet foarlêzen wurde moatte, binne troch my, _____

notaris, foarlêzen oan de komparant. _____

Dêrnei is de akte fuortendaliks nei dy beheinde foarlêzing ûndertekene troch de _____

komparant en fuortendaliks dêrnei troch my, notaris. _____

Volgt ondertekening.

UITGEGEVEN VOOR AFSCHRIFT



[Handwritten signature in blue ink]